Foar in alvetal dat al strûf draaide en wer 't sawiesa it teamgefoel net sa sterk wie, wiene Ruuds aksjes funest. Neffens oanfierder Jarolim hie hy 'eltsenien oars in klap foar syn bek jûn'. It is jammer dat Jarolim dan toch tefolle nei de namme 'Van Nistelrooy' sjoen hat. Hy hie tegearre mei goalie Frank Rost (nog sa 'n echte izerfretter) *de* kâns om sa 'n ferwende fedette op syn plak te setten. Eins binne Ruuds aksjes hiel begryplik. Noch ien kear krige hy de kâns om nei ien fan de grutste klups überhaupt te gean en it jout syn sportive ambysjes oan dat it him sa oan it hert giet. Ruud is in winner en presys dizze ynstelling hat him safier brocht. Toch is it foar in bûtensteaner raar om te sjen, dat dizze man dy 't him altiten as noflike Brabander presentearret, en al minstens tweintich miljoen euro op de bankrekken stean hat, sa ûntankber is tsjinoer syn eigen klup.

Ik hoopje dat de affaire gau oerwaait mar bin bang dat Ruud op it stuit syn eigen rûten wat oan it ynsmitten is. Yn syn bline ambysje om noch ien kear te skitterjen op it allerheechste nivo, gedraagt Ruud him net as de gentleman dy 't hij lange tiid pretendearde te wêzen. Ruud blykt dus –spitich- mear minsklik te wêzen dan dat ik eins hoopt hie. Hoe jammer! Van the Man hie namelijk as ien fan de weinige spilers in skitterende kâns om as held de boeken yn te gean.

Oeral slache, oeral waardearre, en no dizze modder-smiterij oan it ein fan syn karriere.

Dat it dochs ek oars kin, falt efkes fierderop te sjen. Foar Schalke 04 fuotbalt no iene Raul Gonzalez. Ynderdaad, DE fedette fan Real Madrid fan it lêste decennium. Raul is ien fan de weinige spitsen dy 't *noch* mear presteard hat as Ruud, dy 't in *noch* gruttere held wie by syn klup, en dy 't tagelyk *wol* in waardich einde fan syn karriêre wit te kreëarjen.



Raul mei dan yn Gelsenkirchen (allinnich de namme al!) sitte, de hiele klup mei in chaos wêze, en ek al hie hy te meitsjen mei in beul fan in trainer (Magath), Raul jout gjin kik en fuotballet stuch troch. Sterker noch, op 34-jierrige leeftiid draaft Raul sels mear dan ea, hellet in knap gemiddelde qua goals, en skeat Schalke 'gewoan' nei de kwartfinale fan de Champions League en nei de finale fan de Dútse Pokal. Koart sein, Raul Gonzalez komt 'gewoan' syn beloftes nei. As ien fan de weinige spilers is hy sels tefreden by Schalke en hat krekt bytekene foar noch in jier by Schalke. Soks wurdt natuerlik tige waardearre troch de Dútse sportfanaat.

Ruud soe der net ferkeard oan dwaan ris iets faker te sjen nei Raul. It ferskil tusken in topper te wêzen en in libjende legende, sit him yn lytse dingen. Miskien makket it Van Nistelrooy ek hielendal neat út, mar dan moat hy letter net seure dat hy letter yn itselde rijsje as pak him beet Makaay en Hasselbaink neamd wurdt, en net tegearre mei Raul en Van Basten. Noch is it net te let. It byld dat minsken fan in spiler oerhâlde wurdt foar in diel bepaald troch syn lêste aksjes (freechje Zidane mar). Lit Ruud dan asjebliedt krekt as Rijkaard, Van Bronckhorst en Van der Sar foar de goeie opsje kieze!

Kees Adema

Fan de skeids (80)

Wanneer is er een indirecte vrije schop. Veel spelers (en supporters) zijn niet op de hoogte van wanneer nu een directe of indirecte vrije schop. In de officiële regels staat het volgende over een indirecte vrije schop: Een indirecte vrije schop wordt toegekend aan de tegenpartij, indien een doelverdediger, binnen zijn eigen strafschopgebied, één van de vier volgende overtredingen begaat.



1. Langer dan zes seconden de bal in zijn handen houdt, voordat hij deze weer in het spel brengt.
2. De bal weer met de handen aanraakt, nadat hij deze in het spel heeft gebracht, zonder dat deze is geraakt door een andere speler.
3. De bal met de handen aanraakt, nadat deze hem doelbewust door een medespeler met de voeten is toegespeeld.
4. De bal met de handen aanraakt, nadat hij deze rechtstreeks heeft ontvangen uit een inworp genomen door een medespeler.

Een indirecte vrije schop wordt ook toegekend aan de tegenpartij, indien een speler naar het oordeel van de scheidsrechter:

5. Speelt op een gevaarlijke wijze.
6. Een tegenstander in diens loop belemmert
7. Voorkomt dat de doelverdediger de bal uit zijn handen in het spel kan brengen.
8. Een andere overtreding begaat, niet eerder genoemd in regel 12, waarvoor het spel wordt onderbroken om een speler te waarschuwen of van het speelveld te zenden.

De bij 3 genoemde situatie probeert men nog wel eens te omzeilen door een 'truc' toe te passen. De bal wordt dan niet rechtstreeks met de voet teruggespeeld, maar met de voet naar de knie, borst of hoofd gebracht en vervolgens teruggekopt. Deze speelwijze wordt evenwel niet goedgekeurd. In dat geval maakt het ook niet uit of de doelverdediger de bal met zijn handen aanraakt of niet. de speler die de misleidende truc toepast wordt bestraft met een indirecte vrije schop op de plaats waar die truc wordt toegepast, terwijl genoemde speler wegens onsportief gedrag een waarschuwing moet krijgen door het tonen van een gele kaart. Deze situatie niet te verwarren met de situatie bij het nemen van een vrije schop. Een speler neemt een vrije schop door de bal naar een naast hem staande speler te wippen, die vervolgens met het hoofd de bal richting zijn eigen doelman kopt. In dat geval gebeurt er niets onreglementairs.

De bij 5 genoemde situatie behoeft enige toelichting. Het spelen op een gevaarlijke wijze wordt in de praktijk veelal genoemd gevaarlijk spel. Wordt echter bij gevaarlijk spel fysiek geweld gebruikt, ofwel vindt er fysiek contact

plaats, dan is de spelhervatting niet een indirecte vrije schop maar een directe vrije schop.

Voorbeeld: te hoog trappen waarbij de tegenstander wordt geraakt, geeft als spelhervatting een directe vrije schop c.q. strafschoot, eventueel gevolgd door een persoonlijke straf al naar gelang de aard van de overtreding.

Andere voorbeelden, niet met name genoemd in de hoofdregel bij indirecte vrije schoppen, waarvoor de spelhervatting ook een directe vrije schop is zijn:

- Als spelers het veld verlaten of betreden zonder toestemming van de scheidsrechter.
- Zich schuldig maken aan onsportief gedrag.
- Aanmerkingen maken op de leiding.
- Steunen op een medespeler bij het wegwerken van de bal.
- Strafbaar buitenspel staan.
- Te laat komende speler of wisselspeler het veld betreden zonder toestemming van de scheidsrechter.

Alvorens de indirecte vrije schop genomen mag worden, dient de scheidsrechter hiervoor toestemming te geven. Dit moet hij doen door een fluitsignaal of teken en een arm in de lucht te steken. De arm dient in de lucht gestoken te blijven, tot het moment dat de bal door iemand anders is gespeeld of geraakt, of uit het spel is.

Met name de overtredingen binnen en buiten het speelveld dienen nogal eens met een indirecte vrije schop te worden bestraft en veel onduidelijkheid bestaat dan over de plaats van de spelhervatting. Is dat de plaats van de overtreding, of de plaats waar de bal was toe net spel werd onderbroken?

Volgende keer zal ik met een aantal voorbeelden een en ander duidelijk maken.

Douwe D. Reitsma

SDS League

De nijste stân is te finen op de SDS-webside:

www.vv-sds.nl

Om 't de stân yn de Treffer meastentiids alwer efterhelle is hawwe wy beslúten om de SDS League net mear yn de Treffer op te nimmen.



de
SDS
LEAGUE

Doelpunten 2010-2011

259 doelpunten, makke troch SDS-ers. Sommigen ploegen hawwe mear doelpunten stean mar dat binne meast eigen doelpunten fan de tsjinstanner west. En it kin ek noch wol sa wêze dat der in inkel doelpunt mist. Want it falt betiden net mei om de doelpuntenmakers te efterhjeljen. Spitich dat wij hjir ek te folle efteroan moatte. It einklassemint kin der wolris hiel oars útsjen want der moat noch hiel wat balle wurde troch mei namme de leechste alvetallen.

	Da1	Da2	S 1	S 2	S 3	S 4	S 5	S 6	tot
Jitske Plantinga	17	3							20
Pieter Kamstra					8		7		15
Jappie Wijnia							13		13
Johan Delfsma						11			11
Jacob van Wieren			10						10
Sieta Tessemaker	5	5							10
Robert Sijbesma				5			3		8
Harm Auke Dijkstra							8		8
Bram Strubbe							3	4	7
Joutsen Okkema		7							7
Hendrik de Jong				6					6
Hendrik Engbrenghof						1	5		6
Johan Postma								6	6
Sytse Hibma								6	6
Jelmer Posthumus			5						5
Ronny Wagenaar					1	3	1		5
Mark Postma			3		1				4
Dirk Yde Sjaarda				1	3				4
Christiaan Plantinga					4				4
Myriam de Boer	4								4
Suzan Altenburg		4							4
Tessa Booms	4								4
Skelte Anema			3						3
Gerrit Flisijn				3					3
Arjen Los				2	1				3
Sytse Kooistra				1	2				3
Bote Strikwerda					3				3
Sipke Hiemstra							3		3
Tjeerd Dijkstra							3		3
Amarins Tjalsma	3								3
Jildou Jorritsma	3								3
Erik Haitisma			2						2
Jildert Hylkema			2						2
Tsjipke Klaas Okkema			2						2
Feite de Haan			1	1					2
Anne Stenekes				2					2

	Da1	Da2	S 1	S 2	S 3	S 4	S 5	S 6	tot
Andries Brinksma				1	1				2
Syb Overall				1	1				2
Wytze Lanting				1	1				2
Dennis Dijkstra					2				2
Gerlof Veldstra					2				2
Gerlof Jan Hofstra						1		1	2
Bas de Haan						2			2
Christiaan Hoekstra							2		2
Ids Boersma							2		2
Wichard Deinum							2		2
Ayanle Barkat								2	2
Bauke Jan Plantinga								2	2
Douwe de Boer								2	2
Pytrik Hiemstra								2	2
Antsje Stenekes	1	1							2
Geeske Yntema	2								2
Manon Travaille		2							2
Sietske Poelsma		2							2
Henk Postma			1						1
Grietzen Broersma				1					1
Jan Simon Jelsma				1					1
Jort Strikwerda				1					1
Andrew Feijten					1				1
Ralph Wariman					1				1
Willem Wijnia					1				1
Christiaan Zijlstra							1		1
Elger Turksma							1		1
Wietze Fopma							1		1
Doede Kooistra								1	1
Gert Jan Hessels								1	1
Jan Mulder								1	1
Kristian Gaastra								1	1
Martin Rienstra								1	1
Hotske Rispens		1							1
Margriet Rienstra		1							1
Rianne Reijenga	1								1
Tineke Kamstra		1							1
Eindtotaal	40	27	28	27	33	18	55	30	259

Dizze stân is bywurke oan 't en mei 2 april

SDS KLEDINGLIJN

www.vv-sds.nl



Grote tas € 33,- (op voorraad)

Rugzak € 27,- (op voorraad)

Workshort € 18,50 (op voorraad maat XL, L en M)

Trainingspak € 42,- (op voorraad maat M)

Sweaters € 25,- (beperkte voorraad)

Polo's € 21,- (op voorraad diverse maten)

Vanaf september 2010 heeft SDS een kledinglijn. Op dit moment is er een 3de bestelling bij MUTA in productie. Dit zal ongeveer midden

mei aan SDS uitgeleverd worden. Elke bestelling die SDS plaatst moet minimaal 10 producten van elk kledingstuk zijn. Wanneer dit niet lukt vult het bestuur dit aan tot 10 stuks. Zo krijgen we een voorraad om onze leden nog beter van dienst te kunnen zijn.

Bestellen?

Gewoon via de side www.vv-sds.nl en klik op de webshop.

Kledingcommissie
Enne J Bruinsma
Douwe D Reitsma



Wy hyve mei...



Dit kear is ús each fallen op in SDS'er dy de lêste tiid in soad yn it nijs is. Op it momint dat wij dit skriuwe stiet hij namlik boppe-oan yn de SDS leaque. Derby heard in soad publisiteit en it risiko dat je yn dizze rubryk komme te stean. Hij hat de hierkleur fan ten Rouwelaar, it postuer fan Verhoeven, de reflexen fan Luciano en it atletysk fermogen fan Michel Vorm. Hij is dan ek net te passearen yn it goal. We hyve mei de slútpost fan S.D.S 6..... Jan Mulder.

Jan wennet bij syn âlders yn Waaksens, is 22 jier, berne op 29-03-1989 en Hyver sûnt 15-08-2007. Yn de rin fan de jierren hat hij 274 freonen makke, wêrfan 31 dy ek begjinne mei de letter J. Oan syn eftergrûn kinne we sjen dat Jan in Ajax-fan is. Mar wat we dan net snappe is dat hij bij syn geloof oanjout dat hij Atheïst is. Want dat soe dan ek betekenje dat hij net mear leauwt yn de "godenzonen" fan Ajax. We sille it sjen dit jier.

Wij strúne efkes fierder en komme der efter dat Jan ûnder oare lid is fan de Hyves: "Tegen het sluiten van discotheken om 02:00", "Blijven roken in de horeca", "Mannen zuipen beter" en "Bier is je vriend". Dit jout wol oan dat hy wol fan in feestje hâld. En dat is yn ús eagen in goeie saak. Der is noch iets wat ús opfalt. Hij is ek lid fan "Hippe tekenfilmseries van vroegâh!" Hjiirby komme we tekenfilms tsjin as: Alfred J. Kwak, Barbapappa, Wicky de Viking en Dommel. Hjiroan kinne wij sjen dat Jan meardere kanten hat. Want tsjinoer dizze nostalgyske tekenfilms stean snoeihurde trance feesten sa as wij dy sjen kinne op syn foto's en filmkes.

Trance muziek, mar oan de oare kant ek wer Acda & De Munnik, Marco Borsato en Nick & Simon. Koart sein: Jan is in mearsidich persoan, en syn Hyves is seker de muoite wurdich om in kear te besykjen. Dus wolle jim kennis meitsje mei dizze SDS'er, wachtsje dan net te lang en stjoer him in útnoeging.

(BD)



In fruitmandsje bringe by Jaap Toering



Wêr hast lêst fan?

De efterste krúsbân.

De sportarts begong fuort oer it 'Dashboard Trauma' doe 't ik syn keamer binnen rûn. Ik tocht hoe kin dy man witte dat ik neat mei auto's en it beriden dêrfan ha, en om no fuort fan in trauma te sprekken... Mar hij lei út dat dizze blessure in soad foar komt bij minsken dy't in autoûngelok hân ha en dêrbij mei de knibbel tsjin it dashboard knalt binne.

Wannear en hoe hast it krigen?

Begjin maart yn de thúswedstriid tsjin Bûtenpost. In trochkopbal kaam tusken mij en de ferdigening yn, hjirtroch moast ik de goal út om foar de bal te gean, doe kaam ik yn botsing mei de spits fan Bûtenpost.

Sit der al wat ferbettering yn?

It rinnen giet steeds makliker, yn in earder stadium koe ik myn foet lang net strekke en boege. Dêrtroch kry ik no wolris kommentaar fan 'wer bin dy krukken dan at it sa min giet.' Mar de krúsbannen brûke je bij bewegingen lykas springe, sprinte en it draaien fan de foet.

Moast der oan opereard wurde?

Ik ha krekt yn it sikenhus te hearren(sjoen) krigen dat myn achterste krúsbân ôfskuord is. Mei de foarste is neat oan de hân en dat hiene se net earder sjoen mei it soarte ûngemak wat ik hân ha. Dus dat is posityf. De knibbel leit der fierder goed stabyl bij sei Du Bois en dêrtroch liket it nei omstandigheden noch aardich... Ik moat de kommende moanne sa folle mogelijk krachtraine(min. 2 kear wyk) en oer 4 wiken wer bij Du Bois sjen hoe de forderingen binne. Fierder mei ik wannear de focht 'der út is wat begjinne te drafen.

Tinkst dasto dit seizoen noch keepe kinst?

Nee, dy krachtraining duorret sa'n 3 moanne foar je wer sporte kinne.

Bist wol op 'e tiid fit foar it "WK"?

Ja fansels!

Falt it dy ek op dat it liket dat keepers tsjintwurdich faker blesseard binne? Sjoch Vandenbussche, Stekelenburg, Toering, Van Beem, Faber ensfh. Hasto dêr ek in ferklaring foar?

Ik tink dat it temeijsjen hat mei de ûnminskelike druk dy't op ploechen lykas It Hearefean, Ajax en de prestaasje teams fan SDS stean.

Nim no Sjoerd van Beem dy't bij in korer sels ûnder Henk Postma troch dûkt om in bal klem te pakken en de punten foar de ploech binnen te slepen! Betterskip! (WW)

Wat seist?



Inne: Ferhip hjir koe wol in Ijipaa lizze.

Gerwin: Mar ik ha de pet net op.... Moat der dan yn 'e bûse?
(Gida Heerma)

Inne: Hast myn nije dûnsbewegingen al sjoen?

Gerwin: Sinds wannear dûnsesto?

Inne: Net, mar myn mem wurdt moarn 40 dus haw ik mei heit efkes wat ynstudeard. Kreas net?

Gerwin: Hiel moai Inne, ast no skoorst yn dizze wedstryd dan kinne we it dûnske wol efkes oefenje

Inne: Prima!

(Sytze Kooistra)

Inne: Gerwin; dat reade shirt past echt goed by myn skuon.

Gerwin: Ik fûn dat Bavaria jurkje leuker. Dat wie echt sexy.
(Habtamu de Hoop)

Inne: Ik weet echt zeker dat mijn linker schoen langer is als de rechter!!
(Arjan van den Elshout)

Gerwin: Wat is der Inne?

Inne: Tink derom! Ik hâld it net mear.....
(WW)

Út de alde doaze



Dit binne E1 en E2 út 1997. Wa fuotbalje der noch en wa binne dit. Sjogge jim it?

Mail ús, sadat wij de foto's mei nammen ynkoarten op de webside pleatse kinne: Sds-nijs@home.nl

Puzzel

Efkes in opstelling meitsje is noch net sa maklik. Fansels moatte je b.f. wolris wat spilers ôfstean oan oare teams, mar der spylje noch folle mear dingen. Probearje dit team mar ris gear te stallen:

Jansen kan niet goed overweg met de keeper.
 De zuster van Klaassen is verloofd met de rechtsback.
 De midvoor is langer dan de rechtsbuiten
 Pietersen woont met de linksback, de spil en de linksbuiten in dezelfde buurt.
 Van Duim , de Leeuw en de linksbuiten zijn op dezelfde school geweest.
 Verkerk gaat veel vissen met de vijf voorhoedespelers.
 De trainer heeft van der Schaaf onlangs in de voorhoede geplaatst.
 Klaassen staat rechts naast Jansen opgesteld.
 De echtgenote van Bos is de zuster van de linksbuiten.
 Evers is ouder dan de linkshalf en de rechtshalf maar jonger dan de keeper.
 Van alle voorhoedespelers is van Dam de kleinste.
 Van der Schaaf is met de linksbinnen en de rechtsbuiten een sportartikelenzaak begonnen.
 De rechtshalf is samen met Klaassen op vakantie geweest.
 Uitgezonderd de linksbuiten en de midvoor is van der Schaaf de enige speler die nog nooit geblesseerd is geweest.
 Bos heeft met de vorige voorhoedespelers een weddenschap afgesloten op de afloop van de volgende wedstrijd.
 De leeftijd van van der Elst is gelijk aan de gemiddelde leeftijden van de rechtsback, Verkerk, de keeper en de linkshalf samen.
 Alle achterhoedespelers, behalve Pietersen, zijn gehuwd.
 De ruzie die Verkerk had met de beide halfspelers en de linksback is bijgelegd.
 Boersma voldoet goed sinds hij van de linksbackplaats is gehaald.
 De lopende competitie zal voor de Leeuw die de oudste van het team is de laatste zijn.



Wy binne benijd nei jim opstelling.

Efteryn dizze Treffer kinne jim de goeie opstelling fine.

Ôfskie nimme fan Gatske Hiemstra

It is moai west...

Sneon 10 april wie it dan safier: Gatske Hiemstra draait har lêste kantineinst. Nei mar leafst 30 jier (!) fynt se it moai west. Natuerlik is der net samar foarbygien oan dit heuchlike feit. De kantine wie aardich fersiert doe Gatske foar it lêst as frijwilliger de kantine yn kaam. Els moast natuerlik sjen en witte dat it hjir wol giet om in súper-frijwilliger!



Gatske begûn har 'karriêre' neidat har man Geart sadanich bleseard rekke oan syn knibbel en stopje moast mei it fuotbal. Sels hat Gatske jierren follyballe mar nei in operaasje koe dit net mear. Dochter Tsjitske hat it stokje letter oernaam en wie in aardich fertsjinstlike follybalster. Ja, it sporten siet harren yn it bloed.

Geart wie no altyd beskikber foar harren bern, dy't yn dy tiid stik foar stik begûnen met it fuotbal. Prachtige tiden hat se belibbe yn 'e 'smoarge keet'. De keet waard ferwaarme mei in stjonkende oaljekachel en der waard doe noch gewoan smookt. It wie ast it no sjochst tige behelpen, mar de sfear wie optimaal! It wie gemoedlik en mei-inoar. Fan bestjoerskeamers

hienen se doe noch nea heard, dus al it spul kaam by Gatske oan 'e bar. Lieders, skiedsrjochters en al it oare publyk. Klúskes hienen se ek net nedich doe; Gatske bewarre al it spul wol achter de bar.

Nei dizze 'keetperioade' waard der in tydlike romte socht yn wat no as opslachromte tsjinnet. Ek oan dizze tiid hat Gatske goede herinnerings.

Doe de bern lytser wienen wie se noch in pear jier flagger en lieder. Dat wie doe sa. En de lêste jierren siet se yn 'e aktiviteitenkommisje fan SDS.

Gatske hat altyd moarns draait. De kofjeklanten hienen ommers wol tiid foar in praatsje. Gatske siet op kop en earen yn it fuotbal en wist faaks noch better hoe de ferskate ploegen der foar stienen dan harren sels. It kontakt en it mei-inoar wêze, dêr giet it om. Letter kaam dizze moarnstiid har ek goed út want elts wit wol dat har soannen Auke, Floris en Gert-Jan alle trije ek it spultsje leaf hienen. It fuotbal wie in famyljebarren. Middeis thús of út sjen nei har

jonges en dan jûns mei syn allen
nei it Fean. Se ha as gesin 18 jier
in seizoenkaart hân! Ek dêr fûnen
se de sfear wêr't se sa fan hâlde.
Mei (mar) 2000 medesupporters ha
se prachtige tiden belibbe yn it Abe
Lenstra Stadion.

Ek skitterjende tiden belibbe
Gatske oan de perioade doe Floris
en Gert-Jan tsjin Grinzer en
Drintse ploegen moasten. Geart en
Gatske sieten natuerlik ek yn 'e
bus! En wat te sizzen fan de
perioade dat dizze selde twa
spilen by v.v. Sneek. Machtich!

Mar goed: it is moai west. En wat
no? Wat mear tiid foar oare dingen
en natuerlik de bernsbern sjen dy 't
no ek fuotbalje. It gean dy en dyn
gesin goed Gatske.



(AS)


Oplossing puzzel:

	Keeper	Linksback	Rechtsback	Linkshalf	Spil	rechtshalf	Linksbuiten	Linksinnen	Midvoor	Rechtsbinnen	Rechtsbuiten
Jansen	nee	nee	nee	nee	nee	nee	ja	nee	nee	nee	nee
Klaassen	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	ja	nee	nee	nee
Pietersen	nee	nee	ja	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee
van Duin	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	ja
de Leeuw	ja	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee
Verkerk	nee	nee	nee	nee	ja	nee	nee	nee	nee	nee	nee
van der Schaaf	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	ja	nee
Bos	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	ja	nee	nee
Evers	nee	ja	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee
van der Elst	nee	nee	nee	nee	nee	ja	nee	nee	nee	nee	nee
Boerma	nee	nee	nee	ja	nee	nee	nee	nee	nee	nee	nee

It ljocht op in sponser: MRW Accountants

Sykjende nei in sponser foar dizze rubryk stuite ik op MRW Accountants. Sy hawwe festigingen yn Gorredyk, Snits en Wolvegea. It is my net bekend wat foar bân sy eksakt mei SDS hawwe. Dit makke my nijsgjirrich en gie op syk nei harren webside. Je kinne alles oer MRW-accountants fine op:

<http://www.mrw.nl/accountant/>



Wie we zijn en wat we doen


MRW Accountants houdt zich bezig met het controleren, beoordelen en samenstellen van jaarrekeningen en met het afgeven van accountantsverklaringen. Ook is zij gespecialiseerd in het beoordelen en vastleggen van de Administratieve Organisatie van elk soort bedrijf.

MRW Accountants is een zelfstandig opererende organisatie. Ons werkgebied beslaat voornamelijk de drie noordelijke provincies. Wij werken met een gemotiveerd team voor met name het MKB, zowel voor bedrijven met een complexe bedrijfsstructuur als voor eenmanszaken. Persoonlijk contact met de ondernemer staat bij onze aanpak centraal. Korte lijnen kenmerken onze organisatie. Hierdoor worden vragen direct beantwoord en problemen snel en accuraat opgelost.

MRW Accountants is aangesloten bij de SRA, een organisatie waarbij 370 zelfstandige accountantskantoren zijn aangesloten. Meer informatie over de SRA kunt u vinden op www.sra.nl.

Hat dit jim nijsgjirrich makke sjoch dan sels ek ris op:

<http://www.mrw.nl/accountant/>



Arie-Guittart-bokaal

Onlangs is de sportiviteitsbeker weer uitgereikt door de scheidsrechtersvereniging Sneek e.o.

Vorige seizoen was SDS 5^e, afgelopen jaar zijn we gestegen naar de 3^e plaats. Er zijn 2 bekertjes. 1 voor verenigingen met meer dan 15 elftallen (de Arie-Guittart-Bokaal), waar SDS onder valt, en 1 voor verenigingen met minder dan 15 elftallen (de Auke Boot Beker).

Hier de uitslag van de Arie Guittart-Bokaal:

ARIE GUITTART BOKAAL								
vereniging	plts	strafp.	startp.	totaal	elftallen	gemiddeld	06-07	08-09
C.V.V.O.	1	30	22,17	52,17	14	3,73	7	1
Mulier	2	20	22,17	42,17	9	4,69	ABB 1	8
S.D.S.	3	110	22,17	132,17	12	11,01	10	5
Workum	4	100	22,17	122,17	10	12,22	1	3
L.S.C. 1890	5	310	22,17	332,17	19	17,48	6	9
O.N. Sneek	6	220	22,17	242,17	12	20,18	5	6
Sc. Joure	7	560	22,17	582,17	27	21,56	4	2
Balk	8	240	22,17	262,17	9	29,13	11	7
Sneek Wit Zwart	9	460	22,17	482,17	16	30,14	8	10



Wy binne wol benijd wêr 't SDS no stiet yn it tuskenklassemint fan de Arie Guittart-Bokaal. Wy tinke sels net sa heech no 't SDS 1 al in stik of 8 reade kaarten te pakken hat.....

Trefferkes

Skoalfuotbaltoernoai

Woansdei 27 april

De jongereinkommisje siket skiedsrjochters (C's en heger) en frijwilligers.

Graach melde by Hans van der Schaar

Tel :0515 859164

Mob:06 26785381

schaarha@znb.nl

Kom op!.....

Wessel Wijnja fan F2 wit al in bytsje wer it om draait by it fuotbaljen. Dit ropte der op trainen tsjin ien fan syn team; "Hé, je moet wel je handen uit de bûse doen".

Leuke jonges 1

In jonkje fan Klynsma komt gesellich even in praatsje meitsje oan 'e bar fan de kantine. Hy hat in taske mei dêryn boarters- en snobbersguod. Ien foar ien wurdt it spul útpakt en by elk fan de dingen hat it jonkje wol in ferhaal. Der komme ek trije dobbelstiennen út. Master Hingst, dy't in bakje komt heljen, pakt de stiennen en smyt bêst in hege score. Wêrop de jongen seit: "Ja, dat is bêst wol goed, mar fannemoarn goaide ik trije kear 6! At ik dit hjoed nochris goai, dan mei ik it fleske cola opdrinke". Philipus en ik sjogge mekoar oan en binne ferbjustere. Nee, dat dienen ús bern no noait....

Leuke jonges 2

Sa't jimme witte, kinne de liederes of spilers foartoan de limonade sels ophelje út de keuken. Sa komt der

ek in (wiksel)spiler fan de D's de keuken yn om foar syn team de tree mei te nimmen nei de klaaiboksen. "Sil ik de limonade ek even meinimme foar de tsjinpartij?" No ja, graach! De bekers wurde kreas út de tree helle en op it plankje yn 'e boksen delsette, klear foar de rust. Wat in fint en wat in foarbyld!

Oplossing: Wa binne dit?

1. Bram van Beem
2. Jaap de Blaauw
3. Anne Brouwer
4. Siem Sikma
5. Jan Stenekes
6. Enne J. Bruinsma
7. Aant Hofstra
8. Dooitze Nauta
9. Daan Boersma
10. Sjoerd van Beem
11. Willem Wijnia
12. Marcel Frankena

Adreswizigingen

Geane je ferhúzjen jou je nije adres dan efkes troch oan Hilde Knol fia tillefoannûmer:

0515-411796

of mail nei:

Ledenadministraasje@vv-sds.nl.

Nijs?

Hawwe jim noch nijs, foto's, eigenaardichheden of oars ek mar wat wat op de SDS-webside kin of foar de Treffer, mail it dan nei **info@vv-sds.nl** of **detreffer@vv-sds.nl**



Aginda

Wannear?	Wat ?	Hoe let?
16-april	Kollum 1 – SDS 1	14.30
18-april	Seal: De Herauten 2 – SDS 1	19.00
19-april	Inhaal: SDS 2 – Heerenveense Boys 2	19.00
23-april	SDS 1 – VVI 1	15.00
23-april	It swimbad yn Wommels giet iepen	
25-april	Aaipop	
27-april	Inhaal: SDS 3 – AVC 2	19.00
30-april	Keninginnedei / Easterein Rocks	
1-maaie	SC Heerenveen - Ajax	14.30
3-maaie	Inhaal: SDS 3 – Mulier 2	19.00
7-maaie	SDS 1 – Be Quick Dokkum 1	15.00
15-maaie	Bekerfinale: FC Twente - Ajax	17.00
14-maaie	Zeerobben 1 – SDS 1 (lêste kompetysjewedstryd)	14.30
15-maaie	Ajax – FC Twente (lêste kompetysjewedstryd)	14.30
21-maaie	Start neikompetysje	
27-maaie	Trefferredaksje derop út	
28-maaie	Lêste kompetysjewedstriden oare senioaren, junioaren en pupillen	
28-maaie	SDS-toernoai mei SDS'55 Wekerom	
4-juny	5 tsjin 5-toernoai yn Koudum	10.00
11-juny	Midsimmercup yn Dronryp	
11-13-juny	Pinkpop	
16-18-juny	Wommelser Merke	
23/24-juny	Eastereiner Feesten	
24-26-juny	Graspop	
7 july	5 tsjin 5-toernoai by De Wâlde	17.00
30/1-2-3 july	Rock Werchter	
27-july	Jong-Feinte Partij yn Easterein	
30-july	Start SKS-skûtsjesilen	
3-aug	P.C. yn Frjentsjer	
10-aug	Freule yn Wommels	
19-21-aug	Lowlands	
20-aug	Start nije bekerrondes	
3-sep	Start nije kompetysjes	